

Taspraak deputearre Poepjes útrikking Gysbert Japicxpriis oan Eppie Dam 14-10-2017

Achte oanwêzigen, bêste Eppie Dam,

It is dit jier 70 jier lyn dat deputearre steaten fan Fryslân de Gysbert Japicxpriis, de grutte Fryske literêre priis, yn it libben rôp. Yn 1947 wie dichter Obe Postma de earste winner.

Dat mei dizze priis grutte skriuwers eare wurde, jout it eksposysjebou fan Lân fan Taal oan. It Kulturele Haadstêd-projekt neamde dit prachtige gebou, dat permanint fungearje sil as Europeesk taalsintrum oan it Aldehoustertsjerkhôf yn Ljouwert, nei dizze earste winner fan de priis. OBE, sil it ommers hjitte.

Dizze priis is net samar wat, wol ik der mar mei sizze. En winners komme yn in yllúster selskip telâne.

De frekwinsje fan takennen feroare yn de rin fan tiid in pear kear.

Tsjintwurdich wurdt de priis om de twa jier útrikt, it iene jier foar proaza, it oare jier foar poëzij. Dit jier wurdt de 35ste Gysbert Japicxpriis útrikt, foar

poezij.

En foar dy 35^{ste} kear waard in skoft sprutsen oer in nije oanpak: pas by de útrikking soene we bekend meitsje wa't wûn. Dêr wie net elts it mei iens en de argumentaasje dêrfoar hie gewicht. Sadwaande rikke we dit jier de Gysbert Japicxpriis op de bekende wize út en sit hjir yn 'e seal in skriuwer/dichter út te sjen nei de priis dêr't er wis fan is dat er him yn ûntfangst nimme mei.

Foar de takomst tinke we wol graach fierder, mei skriuwers, leafhawwers en oare minsken yn it fjild. Want wat wy benammen wolle, is de Fryske taal en literatuer it omtinken jaan dat it fertsjinnet. Lit ús dêr mei-inoar en mei leafde foar it skreaune Fryske wurd, de tiid foar nimme. Foarm en oanpak meitsje we mei elkoar; we sille sjen wat der oars wurdt. Mar wês der wis fan: de Gysbert Japickxpriis bliuwt.

Wat yn alle gefallen net feroaret, is dat Deputearre Steaten har yn har kar foar de priiswinner fan de Gysbert Japicxpriis advisearje litte troch in advyskommisje. Dit jier bestie de advyskommisje út trije saakkundigen: Gerlien van Dalen, Pieter Boskma en Bouke Oldenhof. Oan har wie it

fersyk om út in ryk ferskaat fan Frysktalige poëzij de bêste poëzijbondel, útkaat yn de perioade 2013 oant en mei 2016, oan te wizen.

Gjin ienfâldige taak, mar it is tige soarchfâldich útfierd troch de advyskommisje. Fan dit plak ôf wol ik de sjueryleden dan ek tige betankje foar har krewearjen!

Omdat we dit sjuery-oardiel op dit stuit noch op 'e tiid te witten dwaan meie, wie it my goed twa wike lyn in eare om by jo, Eppie Dam, op 'e stoepe te stean mei blommen en gebak. Want jo wurdt dit jier de Gysbert Japicxpriis troch Deputearre Steaten takend foar jo bondel *Fallend ljocht*.

Bêste Eppie Dam, jo binne in alsidich en tige produktif skriuwer. Jo binne dichter, skriuwer, berneboekeskriuwer, oersetter en poëzijresinsint. Ek yn tsjerklike rûnten hawwe jo namme makke as skriuwer fan eigentiidske teksten fan lieten en liturgyen.

Jo debút wie yn 1978, mei fuortdaliks in dichtbondel, *Mei de jierren*, en in ferhalebondel, *Strie oerders*. It proazadebút krige ferfolch yn noch twa ferhalebondels en de novelle *De tomaat*, yn 1989. *De tomaat* wie it earste boek dat spesjaal skreaun wie as boekewikegeskink yn it ramt fan

de Fryske boekewike. Trije kear krigen jo in Rely Jorritsmapriis foar in ferhaal; foar it lêst yn 2015 mei it ferhaal *Monolooch út it pakhûs*.

Hiel wat Fryske bern binne grut wurden mei jo berneboeken lykas *Spinaazje mei spikers* en *Babbelegûchjes*. De berneboeken geane oer saken dy't bern fan no dwaande hâlde, skreaun yn hjoeddeistich Frysk mei in soad fleur en humor. Mei jo jierrenlange ûnderfining as skoalmaster, earst yn Urk letter yn Balk, witte jo as gjin oar wat der yn bern omgiet en hoe't jo harren ferbylding oansprekke kinne. Efter de blommen en it gebak fertelden jo mei passy dat de bern, learkrêften en âlden faak in ynspiraasjeboarne foar jo west hawwe.

Ek jo berneboeken binne mear as ien kear yn 'e prizen fallen. Twa kear krigen jo de priis fan de berneboekesjuery en yn 2001 krigen jo de Simke Kloostermanpriis foar '*Dingeman krijt wjukken*'.

Yn jo poëzij geane jo gauris nei it ferline werom. Werom nei jo bertestreek yn it noarden fan Fryslân. Ek ynderlike twastriid en it ferstriken fan de tiid binne tema's dy't faak yn jo wurk werom te finen binne. De titels fan guon bondels befêstigje dat byld: *Mei de jierren*, *Tusken juster en jûn*, *Goddeleaze tiid*, *De hûnsdagen*.

Ek yn *Fallend ljocht*, jo 15^{de} poëzijbondel, is dizze tematyk werom te finen. *Fallend ljocht* giet ek oer ôfbrek en ferlies. Ofbrek en ferlies fan libben mar ek fan leauwen. It is ek in persoanlike bondel mei ferwizings nei jo sykte. *Fallend ljocht* ûnderstreaket dat jo sjoen wurde kinne as ien fan de wichtichste moderne Fryske dichters. Yn syn besprek fan *Fallend ljocht* neamt André Looijenga jo 'in master ûnder de Fryske dichters fan dit momint'.

Jo meitsje, om koart te kriemen, yndruk. Op jong en âld. It docht my dêrom tige goed om no, yn 2017, dizze 35^{ste} Gysbert Japickxpriis oan jo oerlangje te meien. Fan herte lokwinske.